

Oan de minister fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
De hear Dr. R.H. Plasterk
Postbus 20011
2500 EA DE HAACH

datum: 27 oktober 2014
giet oer: dossier meartaligens yn Europa
jo skaaimerke: -
ús skaaimerke: 2014-06-AB
bylage: statement foarsitter NPLD
ôfskrift oan: provinsje Fryslân

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte
✓ Blokhúspanlein 4
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl
✓ www.dingtiid.nl
✓ @dingtiid

Rju achte hear Plasterk,

Op 10 septimber lêstlyn hat de foarsitter fan de Europeeske Kommisje syn nije ploech fan Eurokommisjarissen bekend makke. Wat dêrby opfâlt is dat meartaligens by net ien Eurokommisjaris dellein is, yn tsjinstelling ta de eardere perioade. As Orgaan foar de Fryske Taal sitte wy dêr oer yn en we soene jo dan ek freegje wolle jo ynfloed te brûken foar dit wichtige ûnderwerp yn Europa.

Op it nivo fan de Europeeske kommisje liket de meartaligens yn Europa derûnder te slûpen. Soks is yn grutte tsjinspraak mei de oandacht dy't it Europeesk Parlemint foar dit ûnderwerp frege hat mei de resolúsje¹ fan 11 septimber 2013. Dy resolúsje waard troch de Europarlemintariërs bekrêftige mei in oerweldigjende mearderheid fan 92%.

Ûntjouwingen lykas it referindum yn Skotlân en de peiling yn Catalunya soene foar nasjonale lidsteaten nammenstemear reden wêze moatte en behertigje de belangen fan harren boargers. Krekt de Europeeske Uny soe mear oandacht ha moatte foar de minderheden binnen de steatsgrinzen fan de lidsteaten, en sadwaande de ienheid fan de Uny befoarderje.

Wy wolle der by jo op oanstean en freegje dêr oandacht foar by de foarsitter fan de Europeeske Kommisje, of by jo eardere kollega en partijgenoat de hear Timmermans. We hearre graach fan jo oft en hoe't de Europeeske Kommisje fan doel is om it belang fan meartaligens en de spesjale posysje fan lytse talen dêryn te behertigen.

By dit brief ha wy it statement fan Jannewietske de Vries, foarsitter fan de NPLD (European Network to Promote Linguistic Diversity), taheakke. Dy sprekt dêr har soarch yn út oer de minderjende belangstelling foar meartaligens by de Europeeske

¹ ([P7_TA\(2013\)0350](#))

kommisje. As DINGtiid, Orgaan foar de Fryske Taal, steane wy folslein achter dit statement.

Wy ferwachtsje fan jo dat jo dit ûnderwerp ynkoarten op it aljemint bringe en wachtsje mei grutte belangstelling op in réaksje fan jo kant.

Mei freonlike groetnis,

Út namme fan DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal,

Klaas Sietse Spoelstra,
foarsitter